

DANTUMADIEL SIKET BOECHBYLD

profylskets boargemaster

IN BOARGEMASTER DY'T FERBYNT, YNSPIREARRET EN SICHTBER OANWÊZICH IS

Dantumadiel is op syk nei in belutsen en krêftdiedige boargemaster dy't:

- past by de kultuer en identiteit fan Dantumadiel
- beskikt oer bestjoerlike en liedingjaande ûnderfining
- skeakelje kin tusken ferskate rollen fan it boargemasterskip
- in fyzje hat op 'e takomst fan ús gemeente
- ynteger, ûnôfhinklik en betrouber is

” De boargemaster hat **garisma** en **útstrieling**. Hy of sy is in ynspirearjend boechbyld foar de gemeente.

PROFYL SKETS

De profylskets foarmet de basis foar de beneaming fan de nije boargemaster fan Dantumadiel. Dit dokumint beskriuwt de skaaimerken fan ús gemeente en de eigenskippen, feardichheden en kwaliteiten dy't wy sykje yn ús nije boargemaster. De boargemaster spilet in grutte rol yn it bestjoer fan de gemeente en yn de ferbining mei ynwenners, ûndernimmers en maatskiplike organisaasjes.

Dizze profylskets tsjinnet net allinnich as rjochtline foar de seleksjeproseduere, mar sil ek as referinsjepunt fungere foar de evaluaasje fan it funksjonearen fan de boargemaster yn de amtstermyn.

Om te kommen ta in profyl foar de nije boargemaster, hat de gemeenteried sprutsen mei ynwenners, maatskiplike ynstellings, gearwurkingspartners en fansels de amtlike organisaasje en de wethâlders.

”Ynwenners sykje in boargemaster dy't **sichtber** is yn 'e doarpen en by eveneminten en in aktive role spilet yn it deistich libben yn 'e gemeente.




DANTUMADIEL

In plattelânsgemeente fol 'mienskipssin'

Dantumadiel. In plattelânsgemeente yn it noardeasten fan Fryslân. Alve doarpen mei elk in eigen karakter midden yn 'e Fryske Wâlden. Gjinn stedske drokte, mar in mienskip dêr't de minsken ticht byelkoar stean, each foar elkoar hawwe en 'mienskipssin' noch fanselssprekkend is.

In gemeente dêr't it noflik en feilich wenjen is. Foarsjennings binne foar de greep. In royaal winkelsintrum yn Damwâld bygelyks, de treinstasjon yn Feanwâlden en op De Westereen. Mei de trein binne jo binnen it heal oere yn Ljouwert en Grins. Der is in protte ferdivaasje yn Dantumadiel. Lykas bygelyks de Paardendagen yn Driezum/Wâlterswâld. In hyndersportevenmint fan komsa dêr't dielnimmers út hiel Nederlân nei ta komme. Of de mear smûkere doarpsfeesten.

Rekreärrje kin hjir ek folop. Op waarme simmerdagen is rekreaasjegebiet De Eeltsjemar in prachtich plak om jin te ferdivedearjen. By De Westereen is in moaie jachthaven sadat ek de wettersporters alle mooglikheden hawwe. En foar natoerleafhawwers binne De Houtwiel en it Bûtefjild echte pronkstikjes, mei in rike flora en fauna.



IN GEMEENTE OM GRUTSK OP TE WÊZEN

Dantumadiel is finansjeel sûn en ambysjeus. Wy binne in wengemeente dêr't elkenien him- as harsels wêze mei. Wy hawwe wurdearring foar elkoars eigenaardichheden en steane iepen foar ferskillende libbensstilen. Tagelyk sjogge wy ek dat der ynwenners binne dy't harren minder ferbûn fiele. Wy wolle der alles oan dwaan om elkenien der by te belûken en mei-elkoar te bouwen oan in takomst dêr't elkenien him thús fielt.

MEI-ELKOAR BOUWE OAN DE TAKOMST

Wy binne grutsk op wat wy berikt hawwe, mar wy sjogge ek foarút. Wy wolle ynvestearje yn 'e takomst, benammen yn ús jeugd. Wy wolle in gemeente wêze dêr't de jongerein graach wenje en wurkje wol, dêr't se harren talinten ûntwikkelje kinne en harren dreamen wiermeitsje kinne.

IN BELUTSEN MIENSKIP

De ynwenners fan Dantumadiel binne belutsen by harren gemeente. Hja tinke mei, nimme inisjatyf en sette harren yn foar harren leefmiljeu. Wy wurdearje it as ús boargemaster sichtber is, harket nei wat der libbet en de ferbining mei alle ynwenners siket.

IN MODERNE ORGANISAASJE

De gemeentlike organisaasje is modern, tsjinstferlienend en rjochte op gearwurking. Wy wurkje fanút fertrouwen en wurdearring, mei in soad romte foar inisjatyf en persoanlike ûntjouwing. Wy binne der grutsk op dat wy safolle jonge meiwurkers hawwe.

” De boargemaster moat **tichtby de minsken** stean. Hy of sy is in echte boargerheit as boargermem.





ROLLEN

” Ynwenners sykje in boargemaster dy’t ûnderfining opdien hat yn ‘e maatskippij. Hy of sy hat in eftergrûn yn ‘e praktyk, net allinnich yn it bestjoer.

De folgjende rollen binne wêzentlik foar in suksesfolle ynfolling fan it boargemasterskip yn Dantumadiel:

BOECHBYLD FAN DE GEMEENTE

De boargemaster is it gesicht fan Dantumadiel, sawol yn ‘e gemeente as derbûten. Hy as sy fertsjinwurdiget de gemeente by offisjele gelegenheden, eveneminten en yn de regionale en lanlike gearwurking.

- **Sichtberens en tagonklikens:** De boargemaster is oanwêzich yn alle doarpen en toant oprjochte belutsenens by de ynwenners
- **Kultuer en tradysjes:** Der wurdt ferwachte dat de boargemaster de Fryske identiteit respektearret, begrypt en útdraacht.
- **Ambassadeur:** Yn regionale gearwurkingsferbannen behertiget de boargemaster de belangen fan Dantumadiel en posisjonearret de gemeente as in sterke en selsstannige spiler.

FERBINENDE SKEAKEL YN DE MIENSKIP

Dantumadiel is in mienskip dêr’t ynwenners grutsk binne op harren ûnderlinge ferbûnens. De boargemaster moat dizze sosjale gearhing fuortsterkje en aktyf bydrage oan in ynklusive maatskippij.

- **Harkjend ear:** De boargemaster stiet iepen foar de soargen, ideeën en inisjativen fan ynwenners, ûndernimmers en maatskiplike organisaasjes.
- **Tagonklik lieder:** Minsken moatte harren frij fiele om kontakt te lizzen mei de boargemaster, oft dat no op strjitte, yn in gearkomste as fia de sosjale media, is.
- **Bemiddeler:** Yn situaasjes wêryn’t belangen botse, wit de boargemaster ferbinings te lizzen en oplossings te finen dy’t rjocht dogge oan de ferskillende stânpunten.



FOARSITTER FAN DE GEMEENTERIED

As foarsitter fan de gemeenteried bewekket de boargemaster it demokratiske proses en soarget hy as sy der foar dat riedsleden harren wurk goed dwaan kinne.

- **Unôfhinklike en neutrale rol:** De boargemaster stiet boppe de partijen en stiet yn foar in iepen en earlike beslútfoarming.
- **Kultuerdrager:** hy treedt op as ambassadeur fan in kultuer dy't betrouwen befoarderet.
- **Befoarding fan debat:** Soarget foar in fergaderstruktuer wêryn't romte is foar diskusje, mar wêryn't besluten krêftdiedich nommen wurde.
- **Stumulearjen fan partisipaasje:** hy moediget ynweners oan om diel te nimmen oan gemeentlike beslútfoarming en partisipaasjeprosessen.

FOARSITTER FAN IT KOLLEEZJE FAN B&W

It kolleezje fan boargemaster en wethâlders foarmet it deistich bestjoer fan de gemeente. De boargemaster spilet hjiryn in wichtige rol as foarsitter en koördinator.

- **Teamspiler en prosesbewekker:** De boargemaster bringt de wethâlders yn posysje, coacht harren wêr nedich is en soarget foar in goede gearwurking yn it kolleezje. Dêrnjonken hat er each foar de minske yn it kolleezje en de organisaasje.
- **Yntegrale beslútfoarming:** Soarget der foar dat de beliedskarren breed ôfwoegen wurde en dat de gemeente as ien geheel optreedt.

FERANTWURDLIKENS FOAR IEPENBIERE OARDER EN FEILIGENS

Ien fan de wetlike taken fan de boargemaster is it hanthavenjen fan de iepenbiere oarder en feiligens. Dit freget om krêftdiedich optreden yn krisissituaasjes en in nau gearwurkingsferbân mei plysje, brânwacht en oare feilichheidstsjinsten.

- **Fluch en trochtaastend hanneljen:** De boargemaster treedt op by ynsidinten en soarget foar adekwate krisisbehearsking.
- **Foarkommen fan oerlêst en kriminaliteit:** yn gearwurking mei hanthavers en plysje wurdt wurke oan in feilige wenomjouwing.
- **Gefoel fan feiligens fan ynweners fersterkje:** De boargemaster kommunisearret helder oer maatregels en is sichtber yn 'e oanpak fan feilichheidsfraachtstikken.



” Yn tiden fan krisis giet de boargemaster mei minsken om tafel. Oerlis en gearwurking geane boppe flugge, isolearre besluten.

SINJLEARRET, YNSPIEARRET EN STIMULEARRET

De ôfrûne bestjoersperioade hat de boargemaster him yn it kolleezje fan B&W konsintrearre op 'e portefúlje Openbare Orde en Veiligheid en handhaving. Dat wol net sizze dat in útwreiding fan de portefúlje yn 'e takomst net besprekber is. Oangeande alle ûnderwerpen hat de boargemaster de romte om te:

- **Sinjalearen:** Yn alle kontakten dy't de boargemaster hat mei de ynwenners, ûndernimmers, maatskiplike ynstellings en gearwurkingspartners hellet de boargemaster weardefolle sinjalen op. Dizze sinjalen sil de boargemaster as it past, ynbringe oan de bestjoerlike tafel mei as doel beslútfoarming te ferrykjen.
- **Ynspirearjen:** Ynspirearje docht de boargemaster troch oprjocht interresearre te wêzen yn wat minsken driuwt. Hjirby is it fan belang dat minsken harren heard en sjoen fiele. Dêrwei kin de boargemaster ynspirearje troch in realistysk takomstperspektyf te sketsen dat fokus en rjochting jout.
- **Stimulearjen:** Stimulearje troch fanút de rol fan boechbyld in bydrage te leverjen oan de opjefte êr't de gemeente foar stiet. It primaat leit by de polityk, mar it ynbringen fan kânsen en it spiegeljen op fuortgong fan it algemien belang wurdt wurddearre.

FERTSJINWURDIGER YN LANLIKE EN (BOPPE)REGIONALE GEARWURKING

Dantumadiel makket diel út fan ferskate gearwurkingsferbannen yn Fryslân en Noord-Nederlân. De boargemaster moat hjiryn in sterke ûnderhandelingsposysje ynnimme en de belangen fan de gemeente goed behertigje.

- Aktyf yn **regionale en provinsjale oerlisstrukturen**.
- Understeuning fan **strategyske gearwurking** mei oare gemeenten.
- Bydragen oan **ynnovative en duorseme oplossings** foar maatskiplike fraachstikken.





PROFYL

IN BOARGEMASTER FOAR DE MINSKEN EN IN STERKE BETROUBERE LIEDER

De nije boargemaster fan Dantumadiel is mear as in bestjoerder; hy as sy is in sichtber en tagonklik persoan, dy't yn de doarpen komt en mei de ynwenners yn petear giet oer wat der spilet. It is immen dy't ferbynt, belutsen is en goed harkje kin.

De boargemaster is immen dy't:

- **Sterk bestjoerlik ynsjoch hat,** Bestjoerlike ûnderfining is in essinsjeel kriterium foar dit amt. De nije boargemaster moat oantoanbere ûnderfining hawwe yn in stevige einferantwurdlike en/as bestjoerlike rol. Dat mei ek fan bûten it iepenbier bestjoer. It is lykwols wol essinsjeel om in goed begryp fan gemeentlike prosessen, wet- en regeljouwing en beslútfoarming te hawwen om effektyf operearje te kinnen binnen it gemeentebestjoer. De boargemaster moat yn steat wêze komplekse bestjoerlike prosessen te lieden en de ûntwikkelng fan de gemeente yn goede banen te lieden.
- **Earlik en direkt kommunisearret,** ynwenners net allinnich oanheart, mar ek iepen en transparant fertelt wat wol as net mooglik is.
- **In goed gefoel hat foar ûndernimmerskip en ekonomy,** en aktyf meitinkt oer hoe't Dantumadiel in oantreklik plak bliuwt om te wenjen, wurkjen en ûndernimmen.
- **Him ynset foar feiligens en iepenbiere oarder,** en yn krisissituaasjes stânfêst en beslútfeardich optreedt.
- **Ynteger hannelt en en yntegriteit bewekket,** De boargemaster is folslein ynteger, strielt dit ek út, mar is net in moraalridder. De boargemaster moat ûnôfhinklik en ûnpartidich operearje en altiten hannelje yn it algemien belang.
- **De Fryske taal begrypt en ree is om dy te (leare)** praten, om sa de ferbining mei de ynwenners te fersterkjen. By de seleksje fan de nije boargemaster wurdt sjoen nei de mjitte wêryn't de kandidaat past by de kultuer en identiteit fan Dantumadiel.

”

De boargemaster **mei best in miening hawwe** en is net bang om dy út te sprekken.

Hy as sy hat **affiniteit mei it Noarden** en begrypt de Fryske kultuer en wearden.

Ynwenners fine it wichtich dat de boargemaster **de Fryske taal machtich is** of ree is om dizze te learen en aktyf te brûken.

De boargemaster is **earlik en direkt**. Der net om hinne helje, mar transparante en dúdlike kommunikaasje.

Hy as sy is **tagonklik en sichtber**, immen dy't net allinnich bestjoert, mar echt oanwêzich is.

Ynwenners wolle in boargemaster dy't **harket én de wierheid sprekt**. Hy as sy jout earlike antwurden, ek as dy lestich binne.

De borgemaster **tinkt mei** mei ynwenners en ûndernimmers, toant inisjatyf en siket gearwurking.

Hy as sy is **aktyf op sojale media** mar behâldt in profesjonele ôfstân

Ynwenners wolle in boargemaster dy't **yn 'e regio tinkt en docht fanút in sterk Dantumadiel**. De boargemaster stelt altiten it belang fan ús gemeente foarop.



WAT WURDEARJE ÚS YNWENNERS YN IN BOARGEMASTER?

Us ynwenners hawwe oanjûn dat it wichtich is dat de nije boargemaster goed oanslút by de gemeente en har minsken. Ut in rieplachtsjen fan it publyk, wêryn't de bewenners harren miening jûn hawwe oer de winske eigenskippen en feardichheden, binne weadefolle ynsichten op it aljemint kommen.

Us ynwenners jouwe dúdlik oan dat hja hechtsje oan sichtberens en belutsenens. De boargemaster moat witte wat der spilet en harkje nei de mienskip. Hja sykje in ferbiner en in sosjaal persoan dy't doarpen en minsken mei elkoar

ferbynt en tagonklik is foar elkenien. Tagelyk sjogge hja graach in stevige bestjoerder dy't knopen doart troch te hakjen, beslútfeardich is en him as har net meislepe lit troch polityk as burokrazy.

Dêrnjonken hechtsje de ynwenners in protte wearde oan transparânsje en betrouberens. De nije boargemaster moat earlik en dúdlik kommunisearje, omtinken hawwe foar jongerein en de wenningmerk. En respekt toane foar de Fryske kultuer en tradysjes.



BY EINTSJEBESLÚT

De boargemaster fan Dantumadiel ferfult in alsidige rol en moat dêrom foldwaan oan sawol wetlike as gemeentlike easken. Njonken bestjoerlike kwaliteiten en sterke persoanlikheidseigenskippen binne der in pear formele betingsten wêroan't de kandidaat foldwaan moat.

Ien fan de belangrykste easken is dat de boargemaster him as har binnen in reedlike termyn yn Dantumadiel fêstigt. Dit is essinsjeel om folslein diel út te meitsjen fan de mienskip en de gemeente net allinnich te bestjoeren, mar ek te belibjen. Troch fysyk oanwêzich te wêzen yn 'e doarpen en belutsen te wêzen by de lokale aktiviteiten, kin de boargemaster optimaal funksjonearje as earste boarger fan Dantumadiel. De boargemaster moat de yntinsje hawwe om him as har foar op syn minst ien bestjoersperioade (6 jier) oan de gemeente te binen.

Om koart te kriemen, de ideale boargemaster fan Dantumadiel is net allinnich in betûft en tûk bestjoerder, mar ek in belutsstimulearje, krêftdiedich/beslútfearnich, ynspirearje en lieddeen ynwenner, in ferbiner en in betrouber lieder dy't de noarmen en wearden fan de mienskip respektarret en útdraacht.